


MOTIE

In te vullen door de griffier

Indiener: GrienLinks, Elsa van der Hoek Mede-indiener(s): Statenlid van Dijk, Albert van Dijk	Motie nr.	11
	Paraaf	
	Agendapunt	4
	Besluit	

MOTIE, ex artikel 31 Reglement van orde

Statenvergadering	12 novimber 2025
Agendapunt	4. Begrutting 2026
Korte titel motie	Plan mear lêze en dus mear skriuwe

De Steaten, yn gearkomste by inoar op 12 novimber 2025

konstatearjende dat

- De Fryske taal op wetlike basis beskerme en befoardere wurde moat;
- In protte Frysktalige en net-Frysktalige Friezen it lêzen fan it Frysk dreech fine;
- Der yn it nije taalbelied ek omtinken is foar Fryske literatuer, rjochte op it fasilitearjen fan produksje en bettere skriuwers, wat hiel goed is, lykwols is der mar in frijwat beheind omtinken foar it stimulearjen fan it lêzen en de promoasje fan Frysktalige boeken;

oerwagende dat

- Om de Fryske taal fitaal te hâlden en te beskermjen it lêzen fan Frysktalige boeken wichtich is;
- Der om minsken oan it lêzen te krijen (ynklusyf nijkommers en leararen yn oplieding) genôch oantreklik oanbod wêze moat yn Frysktalige boeken;
- Der mei subsydzjes ynset wurdt om (jonge) minskente stimulearjen om Frysk te skriuwen, fia bygelysk City of Literature, de skriuwersfakskoalle en skriuwkursussen;
- De ôfsetmerk foar Frysktalige boeken no lykwols te lyts is, wêrtroch't skriuwers fan Fryske boeken sa meager beleanne wurde dat der foar nije skriuwers in finansjele drompel is om te skriuwen;
- Der sa in fisieuze sirkel ûntstiet wêrby't is minder oantreklik is om Fryske boeken te skriuwen, wêrtroch't der minder oanbod is dat in breed publyk oansprekt, wêrtroch't minder lêzen wurdt, wêrtroch't der minder skreaun wurdt;
- Der aksje nedich is om dizze trend omheech te bûgen, troch te soargjen dat der mear Fryske boeken skreaun en útbrocht wurde dy't in breed publyk oansprekke, troch in ûnôfhinklik keazen seleksje fan dizze boeken breed te promoatsjen en troch it skriuwen en redigearjen fan Fryske boeken better te beleanjen;
- It Frysk Skriuwersbûn yn de mande mei Afûk in plan útwurke hat om as proef yn de jierren 2026 oant en mei 2029 alle jierren seis (6) Frysktalige boeken fia in (ûnôfhinklik) kommisje te selektarjen en dizze útjeften te stypjen en

MOTIE

MOTIE

promoatsjen, útfierd troch Afûk;	
Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten	
• Om yn 'e mande mei ûnder oaren de Skriuwersbûn, Afuk en (Fryske) útjouwers te kommen mei in foarstel foar fjouwer jier (mei finansjele dekking) om it skriuwen fan Frysktalige boeken te befoarderjen; • Yn dit foarstel wurde ûnder oare de folgjende aspekten meinaam: - per jier wurde der minimaal seis (6) Frysktalige boeken stipe; - promoasje (ynklusyf nije media), profesjonele redaksje en in bettere beleanning foar de auteurs; - dekking te sykjen yn de Frije Algemiene Reserve of yn finansjele tafallers; • By de behandeling fan de ramtnota 2027 (yn juny 2026) it útstel foar te lizzen oan de Steaten.	
en gean oer op de oarder fan de dei	

Indiener(s)	GrienLinks, Elsa van der Hoek Statenlid van Dijk, Albert van Dijk
-------------	--